

# Protestantse Gemeente Burchwert-Hartwert-Hichtum

## beliedsplan 2009-2013

### 1 Utgongspunt

Wy wolle in leauwige mienskip wêze: meiinoar ferbûn as minsken dy't sykje nei hâldfêst, treast, mienskip en freugde. Wy leauwe dêrby yn de iene God dy't Him iepenbiere hat, earst oan it folk Israel en fia dat folk oan de hiele wrâld, troch de Bibel, troch Jezus Kristus en troch it wurk fan de Geast.

### 2 Organisaasje

#### 2.1 Stân fan saken

Us gemeente wurdt droegen troch de leden. Meiinoar jouwe wy foarm oan 'e earetsjinst, yn prinsipe alle sneinen en feestdagen. Meiinoar hâlde wy ek oare aktiviteiten, soms yn oparbeidzjen mei treden: bibeljûnen, útstapkes, húskeamerjûnen, lêzings, in startwykein, it projekt yn Tadzjikistan, tsjerkepaad, ensafh.

De organisaasje fan de tsjinsten en de oare aktiviteiten leit by de tsjerkeried en in tal kommisjes. De tsjerkeried is altyd einferantwurdlik. De tsjerkeried bestiet út 3 âlderlingen, 3 diakens, 3 âlderlingen-tsjerkerintmaster en 1 predikant dy't diel wurdt mei Lollum-Waaksens. De kommisjes binne: startwykeinkommisje, oekumenyske kommisje, gesinstsjinstekommisje, oargelkommisje, argyfkommisje en fesperkommisje. Dêrnjonken binne gemeenteleden aktyf foar it kosterjen, foar it fersoargjen fan 'e kopij foar it regionale tsjerkeblêd *De Kerkklok*, foar it organisearjen fan it tsjerkepaad simmerdeis, ensafh.

De predikant is de iennichste betelle meiwurker. Syn wurksomheden omfiemje û.o. it preekjen en it foargean yn 'e tsjinsten, it pastoraat (mei de âlderlingen), de kategeze en it jeugd wurk (foar in part mei de diakony), it taryeden fan 'e tsjerkeriedsgearkomsten (mei de oare moderamenleden) en de kommunikaasje mei de gemeente.

#### 2.2 Doel fan earetsjinst en oare aktiviteiten:

- 1) de bân mei elkoar fêsthâlde
- 2) fierder leare yn ús leauwen
- 3) de wrâld sjen litte fan ús leauwen.

#### 2.3 Foar wa binne earetsjinst en oare aktiviteiten bedoeld?

Foar de leden, foar alle minsken dy't yn Burchwert, Hartwert en Hichtum wenje en ek foar oaren dy't har mei ús gemeente ferbûn fiele.

#### 2.4 Plannen foar de takomst

In tal tsjinsten en oare aktiviteiten wurde mienskiplik dien mei de Prot. Gemeente y.w. Lollum-Waaksens. De ferantwurdlikheid foar de doarpen Burchwert-Hartwert-Hichtum stiet foar ús tsjerkeried lykwols foarop. Allinnich as it nedich is, kin it tal mienskiplike tsjinsten of oare aktiviteiten útwreide wurde.

De kommende jierren wolle wy deroan wurkje, dat der genôch minsken komme en bliuwe dy't it wurk fan ús gemeente drage wolle.

Op dit stuit is de predikant foar de folle wurktiid oan 'e kombinaasje Burchwert-Lollum ferbûn. As hy, om hokker reden ek, minder oeren komt te wurkjen of ophâldt te wurkjen yn dizze kombinaasje, dan moat it predikantswurk al wer foar 100% ynfold wurde, itsij troch ien of mear oare predikanten, itsij troch in predikant en in tsjerklik wurker. Omdat de tsjerkeried him ferantwurdlik fielt foar it wurk fan de predikant (en in eventúele tsjerklik wurker), sille der mei yngong fan 2009 jierlikse evaluaasjepetearen holden wurde.

## 3 Pastoraat

### 3.1 Stân fan saken

It pastoraat fynt plak yn 'e foarm fan besiten en omtinken. De âlderlingen en de predikant hawwe dizze taak, ûnder ferantwurdlikheid fan 'e hiele tsjerkeried. Hja sykje minsken op, benammen âlderen, siken, jonge âlden, minsken dy't in fertriet te ferwurkjen krije. Ek oare gemeenteleden kinne foar elkoar pastor wêze, en binne dat soms ek.

Twa kear jiers sitte âlderlingen en predikant by elkoar om wurkôfspraken te meitsjen oer kontakt en besite. Yn 'e praktyk is der struktureel omtinken foar de aktive tsjerkeminsken. Minsken oan 'e râne fan 'e tsjerke krije minder of gjin oandacht. Faak witte wy ek net hoe't it mei harren giet, en binne wy ôfhinklik fan oplettende gemeenteleden dy't ús op sitewaasjes wize dy't freegje om pastoraal omtinken.

### 3.2 Doel fan it pastoraat

- 1) Alle gemeenteleden it besef jaan, dat de oare like belangryk is as sysels.
- 2) Alle gemeenteleden merke litte, dat der fanút de gemeente om jin tocht wurdt.

### 3.3 Foar wa is it pastoraat bedoeld?

Foar alle leden fan 'e gemeente, foar elk dy't by de gemeente belutsen is, en foar harren húsgenoaten en neisten as se gjin lid binne fan in oare gemeente.

### 3.4 Fragen foar de takomst

Op dit stuit wurde de fêste tsjerkegongers en elk dy't aktyf is yn 'e gemeente geregeld opsocht. Ek gemeenteleden dy't net aktyf binne, mar dêr't wat slimms of moais mei bart, wurde net fergetten. Mar as se sûn bliuwe, wurde net-tsjerkegongers en net-aktive gemeenteleden ek net opsocht. Wy sille deroer neitinke moatte, oft wy dit sa hâlde of net.

As wy dat feroarje wolle, sille wy neitinke moatte hoe't wy mear tiid en/of minsken beskikber krije foar it pastorale wurk. In idee soe wêze, om in groep oplettende gemeenteleden te hawwen as kontaktpersoan, dy't it wol en wee yn har eigen doarp of buert yn 'e gaten hâlde. Dizze minsken hoege gjin besiten ôf te lizzen of pastoraal wurk te dwaan. Se hoege allinnich in iepen each en ear te hawwen foar de minsken om har hinne, en sagau't se wat hearre dat mooglik pastoraal omtinken freget, de âlderlingen of domeny yn te seinen. Ien kear yn it jier moat der dan ek troch de tsjerkeried in jûn foar dizze kontaktpersoanen organisearre wurde.

In oare mooglikheid om it pastorale kontakt fan 'e leden ûnder elkoar grutter te meitsjen, is it geregeld brûken fan 'besitebriefkes'.

## 4 Diakonaat

## 4.1 Stân fan saken

De diakony hat ynkomsten ta syn foldwaan, dêr't ferskate goede doelen en projekten mei stipe wurde kinne. Dy ynkomsten komme út 'e hier fan lân, fan huzen en út kollektejild, jeften en aksjes. In wichtich projekt binne de reizen nei Tadzjikistan. It jild fan 'e gemeente wurdt dêr direkt ynset dêr't it nedich is, en wy sjogge it mei eigen eagen. Tweintich jonge gemeenteleden (en doarpsgenoaten en freonen) út Burchwert en Lollum hawwe yn 2007 in reis nei Tadzjikistan makke, en dêr sels 14 dagen lang oan it wurk west. De foardielen fan sa'n reis binne grut: it belûkt mear minsken by de gemeente, it fersterket de ûnderlinge bân fan 'e gemeenteleden en úteinlings jout it it heechst mooglike rindemint oan it diakonale jild. Fierders soarget de diakony foar in krystattinsje en in besite oan âldere en allinnich wenjende gemeenteleden.

De diakony organisearret de aktiviteiten yn prinsipe sels yn syn gearkomsten, dy't minimaal fjouwer kear yn it jier plakfine. De tsjerkeried wurdt op 'e hichte holden fan wat der binnen de diakony bart en wat de diakony docht. Foar grutte projekten, lykas it projekt yn Tadzjikistan, kin de diakony mei de tsjerkeried aparte kommisjes ynstelle. Hjirby kinne ek oare tsjerklike gemeenten belutsen wurde.

Foar mooglike yndividúele help is it wichtich dat ek de diakens witte wat der yn 'e doarpen spilet. Ek hjirfoar soe it foarmjen fan in groep kontaktpersoanen (sjoch by 3.4) goed wurk dwaan kinne.

## 4.2 Doel fan it diakonaat

- 1) Utdrukking jaan oan ús leauwen dat yn it Keninkryk fan Kristus de earmen en de swakken en de minsken dy't, al of net troch eigen skuld, yn 'e problemen sitte, op it earste plak komme.
- 2) De earmen, swakken en sûnders merke litte dat se like belangryk binne as elk minske.
- 3) De wrâld sjen litte hoe't wy ús leauwen yn praktyk bringe.

## 4.3 Foar wa binne de diakonale aktiviteiten bedoeld?

Foar elk dy't help nedich is, yn of bûten de tsjerke, fierôf of tichtby.

## 4.4 Plannen foar de takomst

Yn 'e takomst wolle wy mei it projekt yn Tadzjikistan trochgean, leafst ien kear yn 'e twa jier. Dêr moat noch wol in bredere basis ûnder lein wurde: sawol mei it each op de kontakten yn Tadzjikistan, as mei it each op 'e organisaasje yn 'e gemeente. It is ek goed om it projekt te ferbreedzjen nei de gemeenten om ús hinne. Der wurdt nei stribbe om de folgjende reis yn 2010 te hâlden, en yn 2009 mei de tarieding en de organisaasje te begjinnen.

No't de finânsjes fan 'e diakony goed op oarder binne, sille de diakens ien kear yn it jier by alle hierders fan huzen en lân op besite gean om it kontakt goed te hâlden, en eventúele problemen op te lossen.

De behertiging fan 'e hieren sil yn hannen jûn wurde fan in eksterne saakkundige, dy't op syn minst ien kear yn it jier ferslach docht fan 'e stân fan saken en evt. problemen yn 'e tsjerkeried.

## 5 Tsjerkerintmasterlik behear

### 5.1 Stân fan saken

De bydrage oan it traktemint foar de predikant en it ûnderhâld fan twa monumintale tsjerkegebouwen freegje in trochgeande jildstream. Dy bestiet út twa parten: frijwillige bydragen fan 'e leden, en ynkomsten út besit. Beide hawwe de ôfrûne jierren de jierlikse stiging fan 'e útjeften

net byholden.

Us gemeente is, mei de gemeente fan Lollum-Waaksens, ferantwurdlik foar de amtswente fan 'e predikant. Underhâld en ynrjochting dêrfan binne sadanich, dat der no in probleem leit.

It oargel fan 'e Burchwerter tsjerke is oan restauraasje ta. Dêrta binne de earste stappen al set, en der leit in subsydzjetawizing fan it ryk, en de oargelkommisje is drok dwaande de finansiering fan 'e restauraasje rûn te krijen. De Burchwerter tsjerke sels stiet der goed by; de Hichtumer is oan grut ûnderhâld ta.

Fierders binne de tsjerkerintmasters ferantwurdlik foar de minsken dy't aktyf binne yn en om de tsjerkegebouwen (benammen de kosters) en de tsjerkhôven.

## 5.2 Doel fan it tsjerkerintmasterlik behear

Soargje foar genôch ynkkomsten om it tsjerkewurk sa't fêststeld is yn it beliedsplan útfiere te kinnen.

## 5.3 Plannen en fragen foar de takomst

- 1) De frijwillige bydragen en hierynkkomsten moatte op in réeel nivo brocht wurde. Foar de frijwillige bydrage sil der, fia de aksje 'Kerkbalans', alle jierren op wiisd wurde dat de bydrage mei de kostestiging meigroeie moat. Foar it efterbliuwen fan 'e groei yn 'e ôfrûne jierren moat sa gau mooglik in ynhelaksje komme, krekt sa't yn Lollum-Waaksens ek bard is.
- 2) Yn dielde ferantwurdlikheid mei Lollum-Waaksens moat de kommende jierren de pastory òf yngeand oanpakt wurde (yn oerlis mei de bewenners), òf ferkocht wurde (oan de bewenners).
- 3) Yn 2009-2010 sil de restauraasje fan it Burchwerter oargel útfierd wurde.
- 4) De kommende jierren moat de Burchwerter tsjerke goed byholden wurde. Foar de Hichtumer tsjerke wurdt, sagau't de BRIM-regeling foar dy tsjerke fan krêft wurdt, in ûnderhâldsplan opsteld.
- 5) Deselde eksterne saakkundige (sjoch 4.4) sil ek de hieren fan it tsjerkelân behertigje.

## 6 Jeugdwerk

### 6.1 Stân fan saken

It jeugdwerk dat der is, rint goed. Kategeze wurdt goed besocht; it projekt Tadzjikistan libbet by de jeugd. Wy misse de jeugd lykwols yn 'e tsjinsten. Dochs jout de jeugd oan, wol nijsgjirrich te wêzen nei it tsjerkelibben.

### 6.2 Doel fan it jeugdwerk

De jongere ginneraasje yn 'e gemeenten en yn ús doarpen leare, dat de tsjerke der krekt likegoed foar harren is as foar de folwoeksenen en de âlderein.

### 6.3 Foar wa is it jeugdwerk bedoeld?

Foar alle jonge leden fan ús gemeente, mar ek foar de jeugd yn ús doarpen en de groepen dêr't de jongerein fan Burchwert, Hartwert en Hichtum him yn beweecht.

### 6.4 Plannen foar de takomst

Wy sille besykje mei spesjale tsjinsten of byienkomsten, evt. op sneontejûn of in oar momint ynstee fan sneintemoarn, de jeugd dy't aktyf is by kategisaasje ek mear te belûken by de tsjerketsjinsten en by it hiele tsjerkewurk. Dit is de kommende ginneraasje; dêr moatte wy de oansluting net mei misse.

## 7 Kontakten mei oare partners

### 7.1 Stân fan saken

Wy hawwe mei de folgjende partners geregeld kontakt yn it ramt fan tsjinsten of oare aktiviteiten.

- 1) basisskoalle It Skûlplak (Kryst- en Peaskeprojekten; soms in gastles fan 'e predikant)
- 2) roomsk-katolike parochy Sint Franciscus te Boalsert (oekumenyske tsjinsten en aktiviteiten)
- 3) muzykkorps Excelsior te Burchwert.

Fierders helpe de frouljusferienings fan Burchwert en Hartwert geregeld mei it meitsjen, útsykjen of oankeapjen fan nije ynterieurûnderdielen foar de tsjerken.

### 7.2 It doel fan 'e kontakten mei oare partners

- 1) bredere dielname oan 'e projekten
- 2) tsjerketsjinsten en aktiviteiten foar alle ynwenners fan 'e doarpen.
- 3) nije minsken by it tsjerklik libben belûke

### 7.3 Plannen en fragen foar de takomst

By 1) merke wy, dat de bern en de skoalle entûsjast binne sagau't domeny op skoalle komt, mar dat der mar in pear bern nei de projekttsjinsten takomme.

By 2) merke wy, dat in lyts groepke de oekumenyske tsjinsten trou besiket, mar dat de mearderheid fan 'e ynwenners sowieso net nei tsjerketsjinsten ta giet, dus ek net nei oekumenyske tsjinsten. De besikers fan 'e oekumenyske tsjinsten fungearje hast as in lytse gemeente op himsels.

By 3) moatte wy fêststelle, dat der hast gjin ynstream is fan nije minsken nei de tsjerke ta.

Wy sille dus mei ús partners prate moatte, hoe't wy ús doelen better réalisearje kinne.

In oare fraach is, oft wy ek mear partners sykje moatte om ta in breder publyk te kommen. Men soe tinke kinne oan de keatsferiening, de bestjoeren fan 'e doarpshuzen, de frouljusferienings, de reisferiening, de tenielferiening, de feestkommisjes.

## Konkrete aksjes foar 2009 en 2010

- 1) tsjerkeried kompleet hâlde; nij draachflak oanboarje foar de aktiviteiten
- 2) begjinne mei evaluaasjepetearen mei de predikant
- 3) reis nei Tadzjikistan: ynskriuwing, jildwinning, publisiteit, reis

- 4) oargelrestauraasje Burchwert; yn it ramt dêrfan gemeentereiske nei oargelbouwer
- 5) jildwinning op peil bringe
- 6) it probleem mei de pastory oplosse (yn dielde ferantwurdlikheid mei Lollum-Waaksens)
- 7) ferkennen fan 'e mooglikheden om de jeugd mear by de tsjerke te belûken troch spesjale tsjinsten of oarsoartige byienkomsten
- 8) yn petear gear mei de skoalle om mear foarmen fan oparbeidzjen te finen
- 9) in eksterne saakkundige de behertiging fan 'e hieren fan tsjerke- en diakonylân en -huzen yn hannen jaan

Konkrete aksjes foar de jierren 2010 oant en mei 2013

- 10) in ûnderhâldsplan opstelle foar de Hichtumer tsjerke
- 11) it foarmjen fan in groep kontaktpersoanen en soargje dat dy groep funksjonearret
- 12) mear menieren betinke om de kommende ginneraasje by it tsjerkewurk te belûken
- 13) yn petear gear mei nije partners om mear meiinoar te dwaan
- 14) neitinke oer menieren om op passende en rendabele wize ús tsjerkegebouwen te eksploitearjen

# Protestantse Gemeente Burchwert-Hartwert-Hichtum

## beleidsplan 2009-2013

### 1 Uitgangspunt

Wij willen een gelovige gemeenschap zijn: met elkaar verbonden als mensen die zoeken naar houvast, troost, gemeenschap en vreugde. Wij geloven daarbij in de ene God die Zich heeft geopenbaard, eerst aan het volk Israel en via dat volk aan de hele wereld, door de Bijbel, door Jezus Christus en door het werk van de Geest.

### 2 Organisatie

#### 2.1 Stand van zaken

Onze gemeente wordt gedragen door de leden. Samen geven we vorm aan de eredienst, in principe alle zon- en feestdagen. Samen houden we, soms in samenwerking met derden, ook andere activiteiten: uitstapjes, huiskameravonden, lezingen, een startweekend, het project in Tadzjikistan, tsjerkepaad, enz.

De organisatie van de diensten en de andere activiteiten ligt bij de kerkeraad en een aantal commissies. De kerkeraad is eindverantwoordelijk. De kerkeraad bestaat uit 3 ouderlingen, 3 diakenen, 3 ouderlingen-kerkrentmeester en 1 predikant die wordt gedeeld met Lollum-Waaksens. De commissies zijn: startweekendcommissie, oecumenische commissie, gezinsdienstcommissie, orgelcommissie, archiefcommissie en vespercommissie. Daarnaast zijn er gemeenteleden actief als koster, als schrijver van kopij voor het regionale kerkblad *De Kerkklok*, als organisator van tsjerkepaad in de zomer, enzovoort.

De predikant is de enige betaalde medewerker. Zijn werkzaamheden omvatten o.a. het preken en het voorgaan in de diensten, het pastoraat (met de ouderlingen), de catechese en het jeugdwerk (deels samen met de diaconie), het voorbereiden van de kerkeraadvergaderingen (samen met de andere leden van het moderamen) en de communicatie met de gemeente.

#### 2.2 Doel van eredienst en andere activiteiten:

- 1) de onderlinge band in stand houden
- 2) verder leren in ons geloof
- 3) de wereld iets van ons geloof tonen

#### 2.3 Voor wie zijn eredienst en andere activiteiten bedoeld?

Voor de leden van de gemeente, voor iedereen die in Burgwerd, Hartwerd of Hichtum woont en ook voor anderen die zich met onze gemeente verbonden voelen.

#### 2.4 Plannen voor de toekomst

Een aantal diensten en andere activiteiten worden samen gedaan met de Prot. Gemeente i.w. Lollum-Waaksens. De verantwoordelijkheid voor de dorpen Burgwerd-Hartwerd-Hichtum staat voor onze kerkeraad echter voorop. Alleen als het nodig is, kan het aantal gemeenschappelijke diensten of andere activiteiten worden uitgebreid.

De komende jaren willen we eraan werken, dat er genoeg mensen komen en blijven die het werk van onze gemeenten willen dragen.

Op dit moment is de predikant voor de volle werktijd aan de combinatie Burchwert-Lollum verbonden. Als hij, om welke reden ook, minder uren zou gaan werken of stopt te werken in deze combinatie, dan moet het predikantswerk weer voor 100% worden ingevuld, hetzij door één of meer predikanten, hetzij door een predikant en kerkelijk werker. Omdat de kerkeraad zich verantwoordelijk voelt voor het werk van de predikant (en een eventuele kerkelijk werker), zullen er met ingang van 2009 jaarlijkse evaluatiegesprekken worden gehouden.

### 3 Pastoraat

#### 3.1 Stand van zaken

Het pastoraat vindt plaats in de vorm van bezoeken en aandacht. De ouderlingen en de predikant hebben deze taak, onder verantwoordelijkheid van de hele kerkeraad. Zij zoeken mensen op, met name ouderen, zieken, jonge ouders, mensen die een verdriet moeten verwerken. Ook andere gemeenteleden kunnen pastor zijn voor elkaar, en soms gebeurt dat ook.

Twee keer per jaar zitten ouderlingen en predikant om de tafel om werkafspraken te maken over contact en bezoek. In de praktijk is er structureel aandacht voor de actieve kerkmensen. Mensen aan de rand van de kerk krijgen minder of geen aandacht. Vaak weten we ook niet hoe het met hen gaat, en zijn we afhankelijk van oplettende gemeenteleden die ons op situaties wijzen die vragen om pastorale aandacht.

#### 3.2 Doel van het pastoraat

- 1) Alle gemeenteleden laten beseffen, dat de ander even belangrijk is als jezelf.
- 2) Alle gemeenteleden laten merken, dat er vanuit de gemeente aan je gedacht wordt.

#### 3.3 Voor wie is het pastoraat bedoeld?

Voor alle leden van de gemeente, voor ieder die bij de gemeente betrokken is, en voor hun huisgenoten en naasten als ze geen lid zijn van een andere gemeente.

#### 3.4 Vragen voor de toekomst

Op dit moment worden de vaste kerkgangers en ieder die actief is in de gemeente geregeld bezocht. Ook gemeenteleden die niet actief zijn, maar met wie er iets ergs of moois gebeurt, worden niet vergeten. Maar als ze gezond blijven, worden niet-kerkgangers en niet-actieve gemeenteleden ook niet bezocht. We zullen erover moeten nadenken, of we dat zo willen houden of niet.

Als we dat willen veranderen, zullen we moeten nadenken hoe we meer tijd en/of mensen beschikbaar krijgen voor het pastorale werk. Het zou een idee kunnen zijn, om een groep oplettende gemeenteleden te hebben als contactpersoon, die het wel en wee in eigen dorp of buurt in het oog houden. Deze mensen hoeven geen bezoeken af te leggen of pastoraal werk te doen. Ze hoeven alleen een open oog en oor te hebben voor de mensen om hen heen, en zodra ze iets horen dat mogelijk pastorale aandacht vraagt, de ouderlingen of predikant in te seinen. Eén keer per jaar moet er dan ook door de kerkeraad een avond voor deze contactpersonen worden georganiseerd.

Een mogelijkheid om het onderlinge pastorale contact van de leden te vergroten, is ook het geregeld gebruik maken van bezoekbriefjes.

### 4 Diaconaat

#### 4.1 Stân fan saken



De diaconie heeft de beschikking over inkomsten, waarmee verschillende goede doelen en projecten kunnen worden gesteund. Die inkomsten komen uit huur van landerijen, van huizen en uit collectegeld, giften en acties. Een belangrijk project zijn de reizen naar Tadzjikistan. Het geld van de gemeente wordt daar direct ingezet waar het nodig is, en we zien het met eigen ogen. Twintig jonge gemeenteleden (en dorpsgenoten en vrienden) uit Burgwerd en Lollum zijn in 2007 in Tadzjikistan geweest, en zijn daar twee weken zelf aan het werk geweest. De voordelen van zo'n reis zijn groot: het betreft meer mensen bij de gemeente, het versterkt de onderlinge band van de gemeenteleden en uiteindelijk geeft het het hoogst mogelijke rendement aan het diaconale geld. Verder zorgt de diaconie voor een kerst attentie en een bezoekje aan oudere en alleen wonende gemeenteleden.

De diaconie organiseert haar activiteiten in principe zelf in haar eigen vergaderingen, die minimaal vier keer per jaar plaatsvinden. De kerkeraad wordt op de hoogte gehouden van wat er binnen de diaconie gebeurt en wat de diaconie doet. Voor grote projecten, zoals het project in Tadzjikistan, kan de diaconie met de kerkeraad een aparte commissie instellen. Hierbij kunnen ook andere kerkelijke gemeenten worden betrokken.

Voor mogelijke individuele hulp is het belangrijk dat de diakenen goed weten wat er in de dorpen speelt. Ook hiervoor zou het vormen van een groep contactpersonen (zie bij 3.4) goed werk kunnen doen.

## 4.2 Doel van het diaconaat

- 1) Uitdrukking geven aan ons geloof dat in het Koninkrijk van Christus de armen en zwakken en zij die, al dan niet door eigen schuld, in de problemen zitten, op de eerste plaats komen.
- 2) De armen, zwakken en zondaars laten merken dat ze even belangrijk zijn als ieder mens.
- 3) De wereld laten zien hoe we ons geloof in de praktijk brengen.

## 4.3 Voor wie zijn de diaconale activiteiten bedoeld?

Voor ieder die hulp nodig heeft, in of buiten de kerk, veraf of dichtbij.

## 4.4 Plannen voor de toekomst

In de toekomst willen we met het project in Tadzjikistan doorgaan, liefst één keer in de twee jaar. Daartoe moet er nog wel een bredere basis worden gelegd: zowel met het oog op de contacten in Tadzjikistan, als met het oog op de organisatie in de gemeente. Het is ook goed het project te verbreden naar de gemeenten om ons heen. Er wordt naar gestreefd de volgende reis in 2010 te houden, en in 2009 met de voorbereiding en de organisatie te beginnen.

Nu de financiën van de diaconie goed op orde zijn, zullen de diakenen één keer per jaar op bezoek gaan bij alle huurders van huizen en landerijen om het contact goed te houden, en eventuele problemen op te lossen.

De behartiging van huren en pachten zal in handen worden gegeven van een externe deskundige, die minimaal één keer per jaar verslag uitbrengt van de stand van zaken en van eventuele problemen in de kerkeraad.

## 5 Kerkrentmeesterlijk beheer

### 5.1 Stand van zaken

De bijdrage aan het tractement voor de predikant en het onderhoud van twee monumentale kerkgebouwen vraagt een doorgaande geldstroom. Die bestaat uit twee delen: vrijwillige bijdragen

van de leden, en inkomsten uit bezit. Alle twee hebben die de afgelopen jaren de jaarlijkse stijging van de uitgaven niet bijgehouden.

Onze gemeente is, met die van Lollum-Waaksens, verantwoordelijk voor de ambtswoning van de predikant. Onderhoud en inrichting daarvan zijn zodanig, dat er nu een probleem ligt.

Het orgel van de Burgwerder kerk is aan restauratie toe. Daarvoor zijn de eerste stappen reeds gezet. Er ligt een subsidietoekenning van het rijk, en de orgelcommissie is druk bezig de financiering van de restauratie rond te krijgen. De Burgwerder kerk zelf staat er goed bij; die van Hichtum is aan groot onderhoud toe.

Verder zijn de kerkrentmeesters verantwoordelijk voor de mensen die actief zijn in en om de kerkgebouwen (met name de kosters) en de kerkhoven.

## 5.2 Doel van het kerkrentmeesterlijk beheer

Zorgen voor genoeg inkomsten om het kerkewerk zoals vastgesteld in het beleidsplan te kunnen uitvoeren.

## 5.3 Plannen en vragen voor de toekomst

1) De vrijwillige bijdragen en huurinkomsten moeten op een reëel niveau worden gebracht. Voor de vrijwillige bijdrage zal er, via de actie 'Kerkbalans', elk jaar op worden gewezen dat de bijdrage moet meegroeien met de kostenstijging. Voor het achterblijven van de groei in de afgelopen jaren moet er zo snel mogelijk een inhaalactie komen, zoals in Lollum-Waaksens ook is gebeurd.

2) In gedeelde verantwoordelijkheid met Lollum-Waaksens moet de komende jaren de pastorie òf ingrijpend worden aangepakt (in overleg met de bewoners) òf verkocht (aan de bewoners).

3) In 2009-2010 zal de restauratie van het Burgwerder orgel worden uitgevoerd.

4) De komende jaren moet de Burgwerder kerk goed worden bijgehouden. Voor de Hichtumer kerk wordt, zodra de BRIM-regeling voor die kerk van kracht wordt, een onderhoudsplan opgesteld.

5) Dezelfde externe deskundige (zie 4.4) zal ook de pachten van de landerijen van de gemeente behartigen.

## 6 Jeugdwerk

### 6.1 Stand van zaken

Het jeugdwerk dat er is, loopt goed. Catechese wordt goed bezocht; het project Tadzjikistan leeft bij de jeugd. We missen de jeugd echter in de diensten. Toch geeft de jeugd aan, wel interesse te hebben in het kerkelijk leven.

### 6.2 Doel van het jeugdwerk

De jongere generatie in de gemeenten en in de dorpen rondom ons leren, dat de kerk er net zo goed voor hen is als voor de volwassenen en de oudere generatie.

### 6.3 Voor wie is het jeugdwerk bedoeld?

Voor alle jonge leden van onze gemeente, maar ook voor de jeugd in onze dorpen en de kringen waarin de jeugd van Burgwerd, Hartwerd en Hichtum zich beweegt.

#### 6.4 Plannen voor de toekomst

We zullen proberen met speciale diensten of samenkomsten, eventueel op zaterdagavond of een ander moment in plaats van zondagmorgen, de jeugd die actief is bij de catechisatie ook meer te betrekken bij de kerkdiensten en bij het hele kerkewerk. Dit is de komende generatie; daarmee moeten we de aansluiting niet missen.

### 7 Contacten met andere partners

#### 7.1 Stand van zaken

We hebben met de volgende partners geregeld contact in het kader van diensten of andere activiteiten.

- 1) basisschool It Skûlplak (Kerst- en Paasprojecten; soms een gastles van de predikant)
- 2) rooms-katholieke parochie Sint Franciscus te Bolsward (oecumenische diensten en activiteiten)
- 3) muziekkorps Excelsior te Burgwerd.

Verder helpen de vrouwenverenigingen van Burgwerd en Hartwerd geregeld met het maken, kiezen of aankopen van nieuwe interieuronderdelen voor de kerken.

#### 7.2 Het doel van de contacten met andere partners

- 1) bredere deelname aan de projecten
- 2) kerkdiensten en activiteiten voor alle inwoners van de dorpen.
- 3) nieuwe mensen bij het kerkelijk leven betrekken

#### 7.3 Plannen en vragen voor de toekomst

Bij 1) merken we, dat de kinderen en de school enthousiast zijn zodra dominee op de school komt, maar dat er maar enkele kinderen de projectdiensten bezoeken. Het uitdelen van briefjes werkt niet bevredigend.

Bij 2) merken we, dat een klein groepje de oecumenische diensten trouw bezoekt, maar dat de meerderheid van de inwoners sowieso geen kerkdiensten bezoekt, dus ook geen oecumenische diensten. De bezoekers van de oecumenische diensten fungeren bijna als een kleine gemeente op zichzelf.

Bij 3) moeten we vaststellen, dat er vrijwel geen instroom is van nieuwe mensen naar de kerk.

We zullen dus met onze partners moeten praten, hoe we onze doelen beter kunnen realiseren.

Een andere vraag is, of we ook meer partners moeten zoeken om een breder publiek te bereiken. Je zou kunnen denken aan de kaatsvereniging, de besturen van de dorpshuizen, de vrouwenverenigingen, de reisvereniging, de toneelvereniging, de feestcommissies.

#### Concrete acties voor 2009 en 2010

- 1) kerkeraad compleet houden; nieuw draagvlak aanboren voor de activiteiten
- 2) beginnen met evaluatiegesprekken met de predikant
- 3) reis naar Tadzjikistan: inschrijving, geldwerving, publiciteit, reis
- 4) orgelrestauratie Burgwerd; in het kader daarvan gemeentereisje naar de orgelbouwer
- 5) geldwerving op peil brengen
- 6) het probleem met de pastorie oplossen (in gedeelde verantwoordelijkheid met Lollum-Waaksens)
- 7) verkennen van de mogelijkheden om de jeugd meer bij de kerk te betrekken door speciale diensten of alternatieve samenkomsten
- 8) in gesprek gaan met de school om meer vormen van samenwerking te vinden
- 9) een externe deskundige de behartiging van huren en pachten van diaconie- en kerkelanderijen en -huizen in handen geven

#### Concrete acties voor de jaren 2010 tot en met 2013

- 10) een onderhoudsplan opstellen voor de kerk van Hichtum
- 11) het vormen van een groep contactpersonen en zorgen dat die groep functioneert
- 12) meer manieren bedenken om de komende generatie bij het kerkewerk te betrekken
- 13) in gesprek gaan met nieuwe partners om samen meer te doen
- 14) nadenken over nieuwe manieren om onze kerkgebouwen passend en rendabel te exploiteren